

LES 2

LêsNo - Haadstik 4 en 5

1. Wêrom beslút Luuk úteinlik dochts om alles oan syn mem te fertellen? Ut watfoar passaazje út it boek makkest dat op?
2. 'Sa fet cool dit!' is ien fan de reaksjes op The Challenge yn de app-groep. Hoe soesto reagearje? Skriuw in berjocht.
3. 'Jesse en Luuk wienen bêste freonen op de basisskoalle.' Blykber groeiden se op it fuortset ûnderwiis wat út elkoar. Hoe koe dat? Neam twa redenen.



HACKING IN PROGRESS

CHALLENGE

LES 2

WAT SOESTO DWAAN...?

Op de folgjende siden fynst ferskillende sênes.

1. Meitsje twatallen
2. Lês de sêne
3. Ferdiel de rollen
4. Spylje de sêne
5. Wat soesto dwaan...? Meitsje de sêne ôf
6. Presintearje de komplette sêne foar de klasse
7. Praat nei mei de klasse en bepaal... **WAT SOESTO NO ÉCHT DWAAN?**

WAT SOESTO DWAAN? – SÊNE 1

In freon fan dy is bestellen fan syn credits by it gamen. It is in bekende fan jim. Dyn freon freget dy oftst him helpe wolst om wraak op him te nimmen. Wat soesto dwaan?



- Mark** 'TIEM! Hey Tiem! Wachtsje even!'
Tiemen 'Yo Mark, moarn! Alles goed?'
Mark 'Shit, nee man. Hast myn appkes net lêzen?'
Tiemen 'Uh, nee? Hoesa? Ik hie my wat fersliept, dus ik bin sa yn myn klean stapt, myn tas pakt en no krekt op tiid foar de bel.'
Mark 'Man, man. Hast echt wat mist. Justerjûn ûntdekte ik by it gamen dat ik gjin credits mear hie. NIKS, NADA, NIENTE! Dy nare minne Jelle hat al myn credits jatten. Hy hat my gewoan bestellen!'
Tiemen 'Wat? Serieus? Mar hoe dan? En witst seker dat hy it wie?'
Mark 'Wa kin it oars wêze? Der is mar ien dy't soks kinne soe. Boppedat haw ik him direkt oansprutsen fia de chat oft it wier wie. Witst wat er stjoerde? 'Muhahaha.... Bewiis it mar ris!' Ik haw gjin each ticht dien... As ik dy gast yn myn hannen krij.'
Tiemen 'En no?'
Mark 'En no giesto my helpen om him werom te pakken.'
Tiemen 'Uuh...'
Mark 'Wat uuh. Do bist myn bêste maat, tegearre kinne wy 'm hawwe.'
Tiemen '.....'

WAT SOESTO DWAAN? – SÊNE 2

In famke út dyn klasse is hiel bot dwaande mei moaie foto's op har Insta en Snapchat. It falt dy al in skoftke op dat se har iten fuortgoait en fierstente folle sport. De kilo's fleane der by har ôf. Se sjocht der net sûn út en do tinkst dat se wolris anoreksia nervosa ha kin. Wat soesto dwaan?




- Ilsa 'Jakkas, ús mem hat alwer grillwoarst op myn bôle dien. Goar!'
- Ninthe 'Grillwoarst? Lekker man! Ik smar se sels en kin kieze út tsiis, tsiis en tsiis.'
- Ilsa 'No, asjeblyft dan. Lekker opite. Ik hoech it net.'
- Ninthe 'Doch net sa raar. Moatst sels ek wat ite!'
- Ilsa 'Dat bepaal ik sels wol.' Ilsa goait har pûdsje mei bôle mei in boochje yn it grutte jiskefet dat neist harren tafel yn de kantine stiet.
- Ninthe 'Ilsa!'
- Ilsa 'Ik ha gjin hunger. Echt net.'
- Ninthe 'Dat kin dochs net? We hawwe ús krekt by gymnastyk it snot foar de eagen draafd. Ik ha hunger as in bear.'
- Ilsa 'Dan hiest myn bôle oannimme moatten. Hey, mar oer draven sprutsen, giest fan 'e middei mei? Ik gean nei it Rasterhofpark, ik wol de 8 kilometer helje.'
- Ninthe 'Mar bist juster ek al te draven west seach ik op Insta.'
- Ilsa 'Dus?'
- Ninthe 'En krekt gymnastyk hân, do miterest dyn bôle fuort en dat is net de earste kear dat ik dat sjoch. Earlik is earlik. Bist echt in soad ôffallen.
- Ilsa (mei glimmende eagen) 'Kinst dat sjen?'
- Ninthe '.....'

WAT SOESTO DWAAN? – SÊNE 3

In jonge by dy op skoalle fertelt dy yn fertrouwen dat er it skoalsysteem hackt hat en dat hy sifers oanpasse kin. Hy freget oft hy dat ek foar dy dwaan moat. Wat soesto dwaan?

- Simon 'Hee Anna, moatst hearre, wat ik no dien ha, dat is echt the bomb, cooler as cool.'
- Anna 'Och nee jonge, wat hast no wer útfretten? Of lit mar... ik wol it net iens witte. Doe, ik gean derfan tusken!'
- Simon 'Nee, wachtsje eefkes, hjir bliuwe... Dit kear ha 'k net wat doms dien, mar wat geniaals. Sterker noch, it is superhandich en do kinst der ek wat oan ha...'
- Anna 'Ok, do hast myn oandacht... fertel op dan.'
- Simon (flústerjend) 'Ik ha it systeem fan skoalle hackt en no kin ik de sifers oanpasse. Ik stean no in 6,5 op wiskunde, wylst dat juster noch in 5 wie. Superhandich! Do hast in ûnfoldwaande op bio, dochs? Sil ik dy ek eefkes wat opkrikke? Samar klear. Kwestje fan in minútsje. En gjinien hat it yn 'e gaten.'
- Anna '.....'



WAT SOESTO DWAAN? – SÊNE 4

In famke fan jim skoalle hat in seksy selfy stjoerd oan har freontsje, in jonge dy'tsto goed kenst. Hy stjoert de foto troch oan dy. Wat soesto dwaan?

Twan

'Yo chick. OMG, wat ik no meimeitsje...'

Elin

'Hey! Wat dan?'

Twan

'Do wilst dochs dat ik no in skoftke mei Karin gean?'

Elin

'Ja, duuuh. Al in pear wiken stean jim net oars as klef te dwaan.'

Twan

'Hahaha, it falt op dus.'

Elin

'No, dat seker. Ik tink dat de hiele stêd it yntusken wit. Mar fertel.'

Twan

'Goed, justerjûn let sieten we wat te ouwehoeren op WhatsApp. En doe frege ik har, eins foar de grap, oft se net in seksy foto foar my hie.'

Elin

'Jonguh...'

Twan

'It bleau eefkes stil oan de oare kant, se typte fan alles, mar der kaam neat.

Ik tocht noch, soe se it serieuus oerwaagje?'

Elin

'Ja, jim gean no in skoftke mei elkoar. Dan fregest dat dochs net foar de grap?'

Twan

'Nee, dat leau ik ek, want no komt it. Se stjoerde: 'For your eyes only' en doe krige ik him. DE FOTO. Fan har bleate boarsten...'

Elin

'NEEEEEEE! Dat mienst net!?'

Twan

'Jawol dus. Sjochst har gesicht net, mar wol har krollen en de ketting dy't se altyd om hat. Wilst wol?'

Elin


'Ja, dy mei dy griene stien?'

Twan

'Yep. Wachtsje, ik stjoer 'm dy even troch. Leauwst it dochs net?'

Elin

'.....'



WAT SOESTO DWAAN? – SÊNE 5

Der is in nep-akkount oanmakke fan in jonge by jim op skoalle. Op it akkount is te lêzen dat de jonge homo is. Do wilst wa't efter it nep-akkount sit en dyn dosint freget dy hjir nei. Wat soesto dwaan?

Mefrou Bos

'Nynke, kinsto nei de les eefkes sitten bliuwe? Ik wol wat mei dy beprate.'

Nynke

'Huh, ikke? Wat dan? Ik ha neat ferkeard dien, wol?'

Mefrou Bos

'Nee, neat oan 'e hân, it is niks slims, ik wol dy wat freegje. It sil net langer duorje as fiif minuten.'

Dan giet de bel.

Mefrou Bos

'Ik hearde dat der in nep-akkount oanmakke is op Sander syn namme. Hiest dêr ek al wat fan heard?'

Nynke

'Ja, Tara fertelde it my. Echt in nare rotstreek, want se ha Sander út 'e kast komme litten op dat akkount. No tinkt de hiele skoalle dat er gay is.'

Mefrou Bos

'Ja, in hiele sneue saak. Sander kaam fan 'e moarn by my en hy fielt him freeslik. Hy wie sa oerstjoer dat ik him mar nei hûs stjoerd ha.'

Nynke

'Ja, dat kin ik my yntinke. Hoe kinne je soks no dwaan?'

Mefrou Bos

'Dat is de grutte fraach. En dêr woe ik it mei dy oer ha. Do bist klassefertsjintwurdiger en dus myn oansprekpunt as it om problemen yn 'e klasse giet. Boppedat wilsto altyd goed wat der yn 'e klasse spilet. Wilsto wa't der achter dit akkount sit? Ik wol dyjinge graach oanpakke.'

Nynke

'.....'

